

# In pitertuerlik boekje

TSJERK VEENSTRA

'Do sikest har om dysels te finen, sei Hedwig. Mei it kliuwen fan de jierren wurdt stadichoan dúdlik wat se sawat bedoele moatten hat. Sykje, sinjouwing en identiteit. (-) Earst as't weromsjochst krije se in plak.'

Dy 'do' kin oars net ien wêze as Abma sels en ek hy is it dy't de Ierske strjittesjongeres Joan efternei reizget nei Ierlân om út te finen wa't se is en wat se foar him betsjut: syn Muze, of de konkreti-searring fan in altyd al ûnbestimd gefoel oer wat jins bestimming is. Hie er altyd al in Ier wêze wollen of hat er faaks yn in earder libben yn Peru tahâlden?

Foar wa't it wurk fan Abma kin,

is it in nijsgjirrich 'skriuwersboek'. As autonoom keunstwurk achtsje ik it net slagge: it is te fragmintarysk en de ferslaggen oer it reizgjen yn Ierlân binne tige ferfeelsum en komme net boppe it nivo fan in reisfolder út.

De deiboekfragminten binne wol nijsgjirrich as jo witte wolle hokker rol Michaël Zeeman en Robert Wielinga spilen by respektive-lik de útjouwerijen fan De Tille en De Friese Pers, mar folle bydrage oan it 'begripen' fan Abma syn wurk dogge se net. In pitertuerlik boekje foar leafhawwers en ynliskundigen.

In Ierse nimf. G. Willem Abma.  
Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert.  
168 siden. Priis: 12 euro.

FD 17/12 2003